

Stribje nei Fryske ynspeksje op skoalle



Fan de learlingen dy't fan skoalle komme, is 85 persint noch altiten *analfabeet* yn harren memmetaal. 'Hollânske' ynspeksje hat fertrouwen ferlern

Yn de *LC* stiet op 21 septimber in artikel mei de kop: 'Inspectie pakt het Fries weer op'. Monique Vogelzang, ynspekteur-generaal fan de ûnderwiisynspeksje, bewearde in dei earder op in ûnderwiiskonferinsje fan de provinsje dat de ynspeksje wer omtinken oan it Frysk jaan soe.

Dat soe dan in grutte stap foarút wêze, want de ynspeksje hat it ûnderwiis yn Frysk al jierrenlang net kontrolearre. Dat is dan ek ien fan de grutte oarsaken dat it ûnderwiis yn it Frysk op de measte skoallen sa slim ferwaarleaze is. It resultaat is dan ek dramatysk: 85 persint fan de learlingen dy't fan skoalle komme, binne noch altiten *analfabeet* yn harren memmetaal.

Dochs binne de wurden fan de ynspekteur-generaal in spultsje fan kâlde fuotten. Hja sil wol in nij ûndersyk dwaan litte, mar it ynspeksjebelied sil neffens har gjin 'handhavingskarakter' krije. It wurdt noch slimmer as se mei in Hollânske arrogânsje fan Tilroeäanske omfang

oankundiget dat der fan har gjin wurd Frysk te ferwachtsjen is. En as der yn Fryslân in rapport yn it Frysk ferskynt, sil se dêr earst in oersetting fan ôfwachtsje ear't se dat in each waardich achtet (in 'lytse bykomstichheid': it op dy dei presintearre rapport fan de provinsje 'It is mei sizzen net te dwaan' is sels ek yn it Hollânsk skreaun en letter yn it Frysk oerset!).

Moai wis dat dizze ynspekteur-generaal ek noch alle begryp hat foar skoallen dy't in lange noas nei de provinsje útstekke om provinsjaal subsidydije foar it Frysk op te striken, mar der neat oan dogge en de bern efter de telefyzje sette om harren nei *Tsjek* sjen te litten. Mei as ymplisyt boadskip foar de bern dat it Frysk winliken net in sprút wurdich is.

Sa wurdt de diskriminaasje fan de memmetaal fan de bern (en fan de bern sels) wer ris op ferhoalen wize yn praktyk brocht.

De 'Hollânske' ynspeksje hat it fertrouwen ferlern en leit allinnich swiere sankjes op as in skoalle te min prestaasjes leveret op it mêd fan 'taal' (= Hollânsk) en fan 'rekenen'.

Wy kinne better stribje nei in eigen Fryske ynspeksje foar it ûnderwiis (yn alle leargebieten!), dy't keppele wurdt oan in eigen Frysk ûnderwiisministearje. Lykas yn de Dútske dielsteaten of yn de Switserske kantons, want baas op eigen hiem is noch altiten it bêste...

PITER DYKSTRA

Mitselwier